

2017-Z26314 (Z240558-2019 / Z247446-2019)

MOASJE

Art. 49 RfO

Moasje nei oanlieding fan agendapunt nû. 6 yn de riedsgearkomste fan 7 novimber 2019

De ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân yn gearkomste byinoar op 7 novimber 2019

Underwerp: **De noardlike stedsyntree / Panwurk**

De ried,

heard it beried,

konstatearjende dat:

- yn it petear fan 10 oktober l.l. der in prachtige presintaasje jûn is oer de noardlike stedsyntree fan Dokkum;
- gjin fan de presintearre plannen de 400 parkearplakken hellet;

oerwaagjende dat:

- yn it projekt fan de noardlike stedsyntree ek de ynfolling fan de parkearopjefte dy't steld is by de werynrjochting fan "de markt" meinaam wurdt;
- om mear parkearplakken realisearje te kinnen ûnder oare de omlizzende terreinen ek yn it projekt belutsen wurde moatte;

draacht it kolleezje op:

- by foarstel 26/27 fan de oanbiedingsbrief ek oare omlizzende terreinen fan bygelyks de Fram en gemeentewurken / brânwacht mei te nimmen yn it projekt Noardlike Stêdsyntree en oangeande de ynfolling fan de parkearopjefte dy't steld is by de werynrjochting fan 'de markt';
- te besjen oft dan de eventuele brêge, dy't as ûnderdiel fan 't plan foarlein is en mooglik finansierd wurdt mei jild dat tasein is fanút it Waadfûns, ek op in oar plak kin,

en giet oer ta de oarder fan de dei.

Yntsjinne troch: FNP, SIN, PvdA, ChristenUnie en VVD

Stemming	Foar: FNP (5), S!N (5), PvdA (2), CU (4), VVD (3) CDA (7), GB (2) = 28	Tsjin: 0
Moasje oannommen		

Sa besletten troch de ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân yn syn iepenbiere gearkomste fan 7 novimber 2019.

De ried niisneamd,
de griffier,

de foarsitter,

mr. S.K. Dijkstra

drs. H.H. Apotheker